


De Twirre



maart 2025



Freonen Fryske Kultuer, Fryske krite yn Twente

De Twirre, 42e jiergong nr. 1: maart 2025. De Twirre is it fearns-
jiersblêd fan de krite Freonen Fryske Kultuer út Twente.
Kopij foar it kommende nûmer graach foar 15 juny by de redaksje.

Bestjoer Freonen Fryske Kultuer

Foarsitter (a.i.)	Siebe Hiemstra	till.	0546 - 840 484
	totzondag@gmail.com		
Skriuwer	fakatuere		
Ponghâlder	Pier Bergsma		0546 - 57 57 30
	pu.bergsma1944@gmail.com		
Leden	Grieteke van der Veer		074 - 291 8564
	gpvdveer@gmail.com		06 51 99 09 19
	Grietsje Posthumus		074 - 242 7217
	grijshengelo@gmail.com		
Redaksje Twirre	Jelle van der Meulen		
	jellevdmdm@t-online.de		

Webstek Frysk Boun om Utens: www.fryskbutenfryslan.frl

Lid fan de krite

Kontribúsje: 20 Euro yn 't jier. Foar in húshâlding 35 Euro. Rekken-
nûmer: NL08 INGB 0004 2915 44 op namme fan Freonen Fryske Kultuer.

Wolkom

Wolkom as nij lid: Mefr. Tine Felix - Elsinga út Nijverdal.

Op de spreukekalinder stiet by 2/3 maart:
Fertel my neat oer maart!
Njoggen dagen sinneskyn,
Tweintich dagen noardewyn,
En it oare is ek fenyn!

Belangrike data

Tongersdei 3 april Ekstra ledegearkomste. Wijkcentrum De Hengelose Es, Uitslagsweg 47, Hengelo. Ynrin om 13.30 oere. De wurklist stiet fierderop yn dizze Twirre. Nei it skoft ferdivedaasje: Eeke hat in Fryske kwis en we sjonge mei Hendrik noch in pear âlde bekende Fryske lieten.

Op nei de maaitiid

Wy hoopje dat jim allegear de winter goed trochkommen binne en winskje jim in soad noflike dagen yn 'e maaitiid ta. Op de jiergearkomste yn jannewaris wienen wy der net útkommen hoe't it fierder sil mei de krite. Der is genôch animo by de leden om oan aktiviteiten mei te dwaan, mar as der gjinien is om it te organisearjen, hâldt it op. Foarsitter Siebe Hiemstra hie yn de lêste Twirre in oprop dien, mar der hienen har gjin nije kandidaten foar it bestjoer opjûn. Wol is der in kommisje ynsteld dy't him beriede soe oer de sitewaasje. Fierderop yn dizze Twirre stiet in ferslach fan de kommisje: der binne twa minsken ree fûn foar it bestjoer en der leit in foarstel om de organisaasje te ûndersteunen. Dizze plannen wurde oan de leden foarlein op in ekstra ledegearkomste. Dizze wurdt hâlden op in oar plak en op in oare tiid dan dat wy wend binne. Tongersdeitemiddei 3 april, yn Hengelo. Oant sjen.

☐ It bestjoer



Jiergearkomste fan 18 jannewaris

In koart weromsjen op de jiergearkomste fan 18 jannewaris 2025.

It Frysk folksliet klonk - ek sûnder begelieding - noch aardich, mar de gearkomste waard al gau wat rommeliger sa sûnder wurklist.

Yn elk gefal waard de ponghâlder ûntlêstige nei posityf advys fan de kaskommisje. In nije kaskommisje waard beneamd: Hidde Walstra en Anke Meier, mei as reserve Tine Visser. It ferslach fan de ponghâlder liet wol sjen dat wy as krite stadichoan efterút buorkje mei de sinteraasje.

It bestjoer wol, op de ponghâlder nei, yn syn gehiel dermei ophâlde. Der ha har gjin minsken meld om it oer te nimmen, ûndanks jierrenlang gebiddel. Dat betsjutte dus, dat de FFK opheven wurde soe. Fansels ûntstie der doe in soad geroezemoes yn de seal. Eeke murk op, dat der mei har idee fan de foarige jiergearkomste neat dien is en

stelde no foar om in kommisje fan 3 of 4 persoanen yn te stellen. Dy kommisje soe dan nochris neigean oft der wier gjin mooglikheden binne om troch te gean mei de FFK; ûnderwilens soe it bestjoer dan formeel noch sitten bliuwe wolle, behalve de skriuwer, dy't daliks opstapte. Dêr gie de gearkomste mei akkoard. En sân oanwêzigen melden har oan foar dizze Kommissje 18-1: Hendrik en Tjesje Tel, Janroel en Wies Salomons, Jelle van der Meulen, ponghâlder Pier Bergsma en Eeke de Boer. De earste kommisje gearkomste waard daliks pland foar ein jannewaris.

Doe hienen wy skoft. En dernei ha we noch noflik nei de amateurfilm *Hûnefretten* fan Lieuwe Greidanus sjoen. Ja, dat wiene oare tiden yn de santiger jierren fan de foarige iuw!

□ Eeke

Oer in sebra (H.J. Kleefstra út: *De bisteboel fan Hoatse*)

*In sebra woe alhiel oerstjoer
de ryddyk by de strepen oer
mar kearde, dat wie o sa dom,
op sawat healwei wer werom.
Ynienen bleau hy stokstiif stean
en woe beslist net fierder gean.
Tsjin it ferkear, goed opstemaat,
rôp hy: "Dit is myn eigen paad!"*



Redaksje Twirre

Bêste minsken, leden fan de F.F.K. Yn de foarige Twirre koene wy lêze dat Ali Bonhof nei in lyts medysk ûngemak besletten hat om as redaksje fan de Twirre op te hâlden. “Wol spitich, mar it is no net oars,” skreau se. Wy kinne mar ien ding sizze. “Nei tritich jier redaksje fan de Twirre: alle lof foar Ali!!!”

Fjouwer kear yn’t jier sjugge in protte fan ús leden út nei it ferkinen fan de Twirre. It bringt ús op ’e hichte fan nijs út Fryslân, wy krije boeke-nijs, nijs oer de kommende eveneminten fan de krite, gedichten, ditsjes en datsjes, ’witte jo dat’-ôfdieling..... ensafuorthinne. It is in hiele útdaging om it boekje alle kearen fol te krijen.

No’t Ali ophâldt, ha wy ferlet fan in pear leden dy’t foar kopij soargje kinne. It soe al fijn wêze as der guons binne dy’t in bepaalde rubryk dwaan wolle. Bygelyks nije Fryske boeken, nijs út Fryslân of resepten. Mei ien sa’n rubryk is it wurk ek wat te oersjen. Wa fan jim wol wol meitinke oer dizze taak. Réaksjes oan: jelleevdm@t-online.de Dizze fraach sil ek steld wurde op de kommende lede-gearkomste fan 3 april. □ It bestjoer

Maitydsblommen (Atze Bosch)

*Maaie jout ús blommepracht;
rûnom kleur en wielde,
foarsafier’t de lette froast
’t bloeisel net fernielde.*

*Alles hat syn fêste tiid;
beam en plant moat bloeie,
sil der yn ’e rin fan ’t jier
rynske fruchten groeie.*

*Tink dus yn ’e maitiid net:
’k Sjoch gjin fruchten kommen.
Doch geduld en sjoch dy sêd
oan de maitydsblommen.*



Bûten de stringen

It wie in grize man mei learkeklompen oan en de broek op 'e slomp. Hy prúmke en sei: “No hawwe se by ús Piter en har in stoel yn 'e hûs fan goed tûzen gûne. No freegje ik jo!” Hy seach as wie 't myn skuld dat harren Piter sa'n djoer stik yn 'e hûs helle hie. Ik koe de hiele man net en wist net iens dat se in Piter hienen. “Tûzen gûne foar in stoel. Wêr moat dat hinne? Ik haw tsjin 'e jonge sein, it koe dy wol yn 'e kop slein wêze. Hy sei ek noch, heit moat mar ris komme te sjen. Ik sei, dêr moatst net op rekkenje. Dat ding wol ik net iens sjen.”

Hy spuide yn 'e beantsjes en fear fierder: “Doe't wy trouden, dat is no hast sechstich jier lyn, kochten wy fjouwer moaie, nagelnije stuollen foar ien gûne en in dûbeltsje it stik. Dat wie in hiele hou. Doe hienen wy ek wat moais, dat moat ik der by sizze. Ik sis it jo dat myn wiif wat op dy stuollen omwreaun hat. Se glommen as spegels man. Wy hawwe der jierren en jierren genot fan hân. En no ús Piter, ien stoel, tûzen gûne. Ek noch grutsk. Ik hie fan Piter mear trochsicht ferwachte. Dat haw ik him ek goed sein!”

□ Paulus Akkerman, út: Wat wie't wat

Even puzelje

De oplossing fan de foarige puzel wie: winter. Dizze kear krije jo fiif groepkes letters wer't jo fiif Fryske wurden fan meitsje moatte. De earste letters fan dy wurden foarmje fan boppe nei ûnderen de namme fan in doarpke yn Fryslân.

□ Eeke

a a b c h r
e e i d j z
a e i o u t w
e e û g j l r
e i j p p s

Famyljeberjochten

Stoarn yn jannewaris, de hear P.H. (Henk) van Beem út Delden. Hy wie de man fan Ietje, sy wie in oantal jierren bestjoerslid fan de krite. Hja wie-ne trouwe leden en gongen ek meastal mei ús reiske mei. Henk wie gjin Fries mar koe de taal goed ferstean. Alle neisten winskje wy sterkte ta.

Freonskip (Janneke Spoelstra)

*Freonskip is in kostber ding,
In skatkiste fol mei oantinkens,
In bân dy't it libben ljocht makket,
In laits dy't de muoite wurdich is.*

*Freonskip is in iepen doar,
In wyld bloeiende tún,
In gesellich waarm hert,
In plak dêr'tsto altyd wolkom bist.*

*Freonskip is in rêstich plak,
In ferankering yn in stoarm,
In ûnferskilbere stipe,
In kado om te koesterjen.*

*Freonskip is in kostber ding,
En neat yn 'e wrâld,
Kin it ferfange.*

Dit gedicht beskriuwt de skientme en de wearde fan freonskip, in tema dat yn elke kultuer en taal universeel erkend en wurdarre wurdt. Janneke Spoelstra waard inspirearre troch Simke Kloosterman. Oer dy in stikje hjirûnder.

Simke Kloosterman

Simke Kloosterman wie in prominente Fryske skriuwster en dichteres, berne yn 1876 yn Twizel, Fryslân. Har wurk omfiemet romans, gedichten, novellen en mearkes. Ien fan har bekendste wurken is de roman *“De Hoara’s fan Hastings,”* dy’t beskôge wurdt as ien fan ’e earste moderne Fryske romans. Simke groeide op yn in wol-

stelde famylje en krige in goede oplieding. Se wenne in grut part fan har libben yn Den Haach, mar kearde faak werom nei Fryslân foar ynspiraasje. Se spile in wichtige rol yn it befoarderjen fan ’e Fryske taal en kultuer troch har literêre wurk en har belutsenens by ferskate literêre genoatskippen. Simke Kloosterman hat ferskate Friestalige gedichten skreaun. Har gedichten binne bondele yn de dichtbondel *“De Wylde Fûgel,”* dy’t yn 1932 publisearre waard. Dizze bondel befettet in samling fan har poëtyske wurken, wêryn’t se faak har leafde foar de natuer en har bernegebieten yn Fryslân ta útdrukking bringt. □



Ferslach fan de Kommisje 18-1

De op de jiergearkomste beneamde kommisje is fjouwer kear fol-tallich byinoar west, werfan ien kear mei it bestjoer.

Janroel hie in goed plak foar ús regele yn it Wijkcentrum Hengelose Es, Hendrik bea him oan as foarsitter fan de kommisje en Eeke hat de boel wat opskreaun. We wiene it deroer iens, dat mei in stabyl ledetal fan 130 en noch wat jild yn de ponge der dochs noch wol te meitsjen wêze soe fan ús FFK. It is no foaral in bestjoerskrisis. We moatte it bestjoerlik wat better behapber meitsje en foar it útfieren de wurk mear leden ynskeakelje. Ek moat der besunige wurde, want it tekoart op de lêste jierrekkens wie wol grut yn ferhâlding ta ús jierlikse ynkkomsten en wat der noch op de bankrekkens stie. Faaks soe de Twirre fan fjouwer nei trije kear yn't jier kinne. Tus-kentroch kin dan, as it nedich wêze soe, ynformaasje yn de foarm fan in nijsbrief nei de leden stjoerd wurde.

De FFK wol temjitte komme oan ús ferbûn-fielen mei Fryslân foaral troch de taal en ús ferline. Dat die-ne we yn de ôfrûne tiid foaral troch as ferdivedaasje selsskippen út Fryslân komme te litten. Dat is dreech wurk en djoer foar de krite; in bekende Fries útnoegje soe mis- kyn noch ris kinne. Derom sille

we ús mear meiïnoar fermeitsje moatte en dat kinne we ek bêst: de lêsgroepkes wiene der in foarbyld fan en ek bygelyks it ferhaal fan Lieuwe Zeinstra oer syn hobby, en sa is der sa'n soad te betinken; lit dat mar oer oan in pear kreativelin-gen út ús fermidden. In sealtsje hie-re, dat is der allinnich mar foar noadich. No't we âlder wurde en net mear by't tsjuster autoride wol-le, moatte we de Fryske kultuer ek ticht by hûs sykje en dy kultuer binne wysels, sadra as we mar ien wurd Frysk prate. Dat doel is al yn 1980 yn ús statuten fêstlein.

We kinne as FFK trochgean.

De bestjoerskrisis is oplost no't Hendrik Tel en Janroel Salomons oanjûn ha yn it bestjoer sitting nim-me te wollen; Hendrik wol it wol fan jier ta jier opnij besjen. En Grieteke en Grietsje wolle ek wer yn it bestjoer meidwaan. De taken fan it bestjoer soene beheind wur-de kinne ta:

1. it tarieden en lieden fan de jier-likse ledegearkomste mei al syn sta-tutêr festleine ferplichtingen.
2. ûndersteuning en koördinearjen fan de kommisjes dy't yn it libben roppen wurde foar spesifike aktivi-teiten.

Dy spesifike kommisjes kin wêze:
Kommisje T (foar De Twirre). De redaksje: Jelle en Wies. Hendrik regelt it ferstjoeren.

Kommisje R (foar in reiske) ??

Kommisje Ts (foar in tsjerke-tsjinst) ??

Kommisje K en G (foar Kultuer en Gesellichheid). Eeke, Janroel, ?? foar de ynfulling fan in oantal krite-middeis

Kommisje S (foar de sinten). Pier en immen as help by it opstellen

fan de jierrekken en de begrutting en eventueel in foarstel om de kontribúsje te ferheegjen.

Op de ekstra ledegearkomste kinne jo jo opjaan om sa'n útfierende taak op jo te nimmen! As dizze kommisjes net fan de grûn komme, sil dat betsjutte dat in aktiviteit net dien wurde kin. Sa kinne we neffens ús meiïnoar de FFK wer in pear jier draaiende hâlde.

- ☐ Ut namme fan de Kommisje 18-1, Eeke

Fryske buorden

De ferkearsbuorden lâns de provinsjale diken yn Fryslân wurde fanôf 2026 twatalich. Dat jildt ek voor de buorden foar fytspaden. Fanôf folgjend jier wurde fytspaden dus net allinne mear oantsjut mei 'fietspad', mar ek mei 'fytspaad'. De bedoeling fan de nije buorden is de stipe fan de Fryske taal. Ferline jier

luts doetiidsk minister De Jonge fan Binnenlânske Saken hjir 18 miljoen euro foar út. It measte jild giet nei Frysktalich ûnderwiis, mar it budzjet wurdt dus ek brûkt foar twatalige ferkearsbuorden. "Dit is gjin symboalpolityk", sei kommissaris fan de Kening Arno Brok, dy't bliid is mei de nije buorden. "It is wichtich om it Frysk sichtberder te meitsjen."

It beslút jildt foar de hiele provinsje Fryslân, útsein Weststellingwerf. De provinsje ropt ek de gemeenten en it Ryk op om harren ferkearsbuorden yn Fryslân twatalich te meitsjen. Rykswettersteat hat al tasein mei te wurkjen, wylst it oerlis mei de gemeenten noch rint.

De âlde ientalige buorden wurde net fuortsmitten, mar wurde opnij brûkt yn oare dielen fan Nederlân. □



Ekstra ledegearkomste 3 april

Utnûging foar in ekstra ledegearkomste op tongersdei 3 april 2025 fanôf 13.30 oere (ynrin) oant uterlik 17 oere yn Wijkcentrum De Hengelse Es, Uitslagsweg 47, Hengelo.

Wurklist:

1. Iepenjen troch foarsitter Siebe Hiemstra.
2. Bestjoersferkiezing.
Foarstel om te beneamen: Hendrik Tel en Janroel Salomons.
Hendrik nimt it foarsitterskip oer.
3. Hendrik betanket de ôftredende bestjoersleden Siebe en Auke, en Ali as redakteur fan De Twirre.
4. Ferslach fan de ledegearkomste op 18 jannewaris '25 (sjoch op side 4).
5. Ferslach fan de op 18-1 ynstelde kommisje (sjoch op side 8 en 9).
Beminsking fan de kommisjes, wa wol wat dwaan?
6. De Twirre. It foarstel is om fan 4 nei 3 kear yn't jier te gean.
7. Kontribúsje ferheging fan 5 euro per adres yngeande 2026.
Yn jannewaris 2024 is dit al besprutsen en de needsaak is der noch.
8. Opheffing fan de Kommisje 18-1.
9. Rûnfreegjen.
10. Sluting fan de offisjele ledegearkomste.
11. Skoft.
12. Ferdivedaasje : Eeke hat in Fryske kwis en we sjonge mei Hendrik noch in pear âlde bekende Fryske lieten. ☐ It bestjoer

P.S. Plak en dei binne oars as earder. In seal yn dit wyksentrum wie aardich goedkeaper as it boarterstúngebou yn Enschede; der is hjir rom parkearromte, mar it is lykwols op sneon net iepen.

E-mail adressen

Wy wolle graach email-adressen ha om minsken op in snelle manier te berikken as it noadich is. Bygelyks om in herinnering te stjoeren of eventueel foar in nijsbrief. Fan ûngefear de helte fan de leden ha wy in adres. Dêrom kin it wêze dat ik jo binnenkoart belje om te freegjen of wy jo e-mailadres hawwe meie (of dat it nog steeds aktueel is). Jo meie my ek foar wêze en sels my in e-mail stjoere: x@8379.nl mei as ûnderwerp “myn e-mailadres FFK”. Yn 't foar myn tank. ☐ Wies Salomons

Krite bestiet 45 jier

Us krite is yn it jier 1980 oprjochte en krige de namme “Freonen Fryske Kultuer”. Yn it argyf fûnen wy it ferslach fan de earste gearkomst. Ek by it begjin fan de krite wie it al in toer om minsken foar it bestjoer te finen, sa blykt út it ferhaal.

FFK 1980

Oantekeningen ledengearkomst F.F.K., hâlden Tongersdei, 22 Maaie '80, 8 ûre yn 'e Vrijhof fan de T.H.T. to Enschede.

Nei it iepeningswurd fan de foarsitter, Hr. Nauta, wurde fuort mei de statuten begûn. Omdat er mar ien lid oanwezig wie, te witten mevr. ten Heuvel - Roukema, frege de foarsitter oft de statuten troch de skriuwer foarlêzen wurde moasten. Dat wie net nedich neffens mevr. ten Heuvel - Roukema, omdat hja dy al trochlêzen hie. Fjirders wurde beslúten in notaris te freegjen foar goedkarring. Nei goedkarring fan de notaris sille ek de statuten forstjûrd wurde nei de keamer fan keaphannel om opnommen to wurden yn it ferieningsregister.

Om reden dat er gjin leden wienen foar fersterking fan it bestjûr is earst oanhâlden, dat de folgjende minsken sitten bliuwe yn it bestjûr:

Hr. Nauta	Foarsitter
Hr. Rink	Skathâlder
Hr. v.d. Meulen	Skriuwer
Mevr. Schuurman	as lid.

Mevr. ten Heuvel - Roukema, hr v.d. Harst, Foppe de Jong en mooglik hr. Wassenaar wolle stipe jaen oan de feriening. Nei dizze ferklearring wurde de gearkomst troch de foarsitter slûten.

Dizze oantekeningen wurden opmakke troch de hr. v.d. Meulen op 22-05-1980

Oerset yn it Frysk troch K. Krottje.

Bonifatius yn Dokkum

Begjin febrewaris fan dit jier besochten myn man en ik Museum Dokkum yn it noarden fan Fryslân. Yn dit museum is in permaninte tentoanstelling wijd oan it libben fan Bonifatius, hoe't er yn Fryslân telâne kaam en hoe't er dêr stoarn is.

De helte fan syn libben wie er kleasterling en de oare helte misjonaris. Bonifatius waard yn 673 yn it súdwesten fan Ingelân berne en krige de namme Winfried. Hy wie sân jier doe't er him oansleat by it kleaster yn Exter. Om syn 30ste hinne waard er pryster. Yn de 7e ieuw kaam de fersprieding fan it kristlik leauwen op gong. Yn dy tiid hongen in soad Friezen, fan Súd-Denemarken oant Seelân, noch in germaanske godstsjinst oan. Bonifatius fielde him roppen om de Friezen te bekearen. Om syn 46e jier hinne set 'r ôf nei Fryslân om de heidske minsken te kristenjen. Sûnder sukses komt er werom nei Engelân nei in grutter kleaster yn Nursling.

Yn 719 joech paus Gregorius II oan Bonifatius de opdracht om minsken yn'e kunde komme te litten mei it kristendom. As Ingelske muonts ûntfong hy dat jier de namme Bonifatius (hy dy't goede dingen docht). Dêrmei krige er it rjocht om it evangelje te ferkundigjen. Bonifatius sette ferskate bisdommen op. Yn 746 waard Bonifatius biskop fan Mainz. Ek rjochte

hy de Abdij fan Fulda op.

Oan de ein fan syn libben woe Bonifatius it noch ien kear besykje de Friezen te bekearen. Mar de Friezen lieten dat net maklik ta. Yn 754 gie hy tegearre mei 52 misjonarissen op reis nei Dokkum. Underweis waard Bonifatius oerfallen troch in groep Friezen. Dizze oanfal hat er net oerlibbe. It ferhaal giet dat Bonifatius de swurdslagen besocht ôf te kearen mei in boek. Dêrfan bestiet in kalkstiennen stânbyld dat stiet oan de Bronlaan yn Dokkum.

□ Wies Salomons



Marica en Chepe yn Singapore



Ein febrewaris wienen Marica en Chepe yn Singapore, de teller stie op 19.884 km. Neffens Marica is de stêd skjin, kreas, mar wol djoer. Hiel oars as Thailân en Maleisië wêr't se earst wienen. Hast in jier ûnderweis.

Tiden hawwe tiden



(advertinsje)



It Fries Museum giet oer Fryslân en de Friezen. Oer de alve stêden en it plattelân, de haat-leafde ferhâlding mei it wetter, de syktocht nei it typysk Fryske en it plak fan Fryslân yn de wrâld. Mar ek oer de ûnderlizzende wearden, autentisiteit en eigensinnigens. De kolleksje fan it museum is it útgongspunt: it swurd fan Grutte Pier, âlde kostúms, boaiemskatten út de Fryske terpen, de neilittenskip fan Mata Hari, skilderijen fan Gerrit Benner, hjoeddeistige byldzjende keunst en de film De Overval: mei-inoar fertelle se it ferhaal fan Fryslân.

iepeningstiden

tiisdei o/m snein 11.00 - 17.00 oere

besykadres

Fries Museum, Wilhelminaplein 92, Ljouwert

Sjoch foar in kompleet oersjoch fan ús aktiviteiten en tentoanstellingen en foar ús foardielige arranzjeminten op op www.friesmuseum.nl.

En doch wurdt it wer maityd (Froukje Annema - Noordenbos)

Men seit, men seit: It komt net goed mei dizze wrâld, de wrâld fan hjoed.

Men seit, men seit: Hast it al heard? 't Komt all'gear op 'e kop ferkeard.

Men seit, men seit: Noch even mar en dizze wrâld stoart ynelkoar.

d' Ekonomy, seit men, rint fêst. Dy leanmaatregels? Ek net bêst.

Mar wer in grutte stakingsdei, dêr docht men wakk're graach oan mei.

Ek yn 'e lânbou komt 't net klear en Sinteklaas bestiet net mear.

Men seit: De lêste jierren binn' foar elkenien wol sa striemin.

De trend fan dizze jierren is ús egoïsme, sûnder mis.

Begryp en oandacht foar elkoar dat komt hjir wier net mear faak foar.

Men seit: De tiid dy is foarby fan leafd' en lok, foar dy en my.

De minske wurdt sa hurd en koel, der is gjin plak mear foar gefoel.

Rûnom driicht ûntefredenheid en nearne fynt men fêstichheid.

En doch wurdt it wer maityd, de natoer hat it no drok;

sjoch: - heech boppe de greiden - de ljip giet oer de wjok;

de krokus yn 'e blikke, fielt fan in driging neat,

hy wrakselt ta de grûn út en jout syn skientme bleat.

US MEM

It sil, tink ik, 1964 west ha, doe't myn freondinne Willy en ik tusken it stasjon en de Prins Hendrikbrêge yn Ljouwert oansprutsen waarden troch in pear âldere dames út de Wâlden. Se moasten nei it Stêdssikehûs, mar wisten net hoe't se dêr komme moasten. Wy harren sa goed as sa kwea as we koenen it paad wize. Earst werom nei it stasjon, dêr linksôf, dan bij Us Mem del en... "Mar famkes," sei de iene frou ferskrikt. "Wy witte net wêr't jim mem wennet."

Lize de Vries-de Hoop (78), De Jouwer (stikje út de Ljouwerter Krante)



Nijs út Fryslân

Twadde Thús | Evacuees en hun Friese gastgezinnen. Hokker Fryske famylje iepene de doarren foar in evakuee? Wa moast syn of har hûs efterlitte en fûn in oar 'thús' yn Fryslân? Wa waarden evakuearre nei it noarden? De útstalling Twadde Thús, Evacuees en hun Friese gastgezinnen fertelt it ferhaal fan de tûzenden evakuees yn de Twadde Wrâldoarloch. Fan 22 maart 2025 ôf te sjen by Tresoar yn Ljouwert.

Jelle Wiersma kampioen Frysk damjen. Der wurde prachtige partijen spile, en oan 'e ein ta hast altyd spannend. En dochs driget it kampioenskip yn it damjen in lyts bytsje ferfelend te wurden. Jelle Wiersma wûn dus wer. Yn febrewaris helle er yn Blauhús syn alfde kampioenskip. Sûnt 2017 hat sels gjin oarenien it tradisjonele gouden tientsje yn ûntfangst nommen. De man kin der langer hast in filla fan keapje.

'Kattekwea' is feestlike oade oan Irolt. Yn 1975 brocht de legindaryske Fryske folk-rockband Irolt de lp *De Gudrun Sêge* út en soarge dêrmei foar in mylpeal yn 'e skiednis fan de Fryske folkmuzyk. Fyftich jier letter hat de muzyk fan Irolt neat oan glâns ferlern en klinkt Inez har stim noch altyd ferrassend jong en linich yn de feestlike oade oan Irolt: *Kattekwea*. Under begelieding fan Peter van der Zwaag sjongt Inez 'highlights' út it Irolt repertoire, ôfwiksele mei ferhalen út it feline fan de band.

Fryske siswizen foar fytsers en kuierders. De Fryske taal fertsjinnet it om sawol foar ynwenners as foar besikers fan Fryslân sichtberder te wêzen. Yn de provinsje Fryslân kinne kuierders of fytsers sa'n hûndert rêstpunten opsykje. De kâns is grut dat men dêr no Fryske siswizen tsjin komt yn 'e foarm fan in buordsje mei útlis oer de betsjutting. Om de Fryske taal breder sichtber te meitsjen hawwe de Toerisme Alliânsje Fryslân, Afûk, Merk Fryslân, Rekreaasjeskip Marrekrite, Stichting Rustpunt en de Provinsje Fryslân de hannen yninoar slein.

De wolf yn Fryslân. By in mooglike wolve-oanfâl yn Easterwâlde binne 41 skiep deamakke. De troffen boer hat de deade skiep opsteapele by de dyk mei in protestboerd mei de tekst 'Bedankt wolf'. "As in wolf ien skiep dea makket en opfret, kin ik dat begripe. Mar dit is moarderij." Yn de Stellingwerven ha se in protte lêst fan de wolf. Mar ek op oare plakken wurdt de wolf waarnommen. By in bewakingskamera yn Wânswert rûn samar yniens in wolf troch it byld. □

Boekenijis

Stormvloed 1825, Arnoud van de Ridder. Febrewaris 1825, in swie-re stoarm stie oer de Sudersee, wêrby't ek Fryslân hurd troffen waard. In protte deaden. Dêrnei kaam hûnger, malaria. Tsjin 1830 herstellde de situaasje him. Ta betinking jout it Museum Warkums Erfskip dit boek fol ûnbekende ferhalen en ûndersiken út. Nederlânsktalich. *Priis: 24,95.*

It roer moat yn it wetter bliuwe, Bjorn de Jong. Libbensferhaal fan Durk van der Schaaf, dy't as ekologysk boer yn Bitgummole en riedslid fan Menameradiel, mar boppe-dat as Fries altyd hoekhold yn it rap feroarjende tiidrek fan nei de oarloch. "Groeï is altyd op kosten fan in oar, jo kinne net grutter wurde sûnder dat in oar lytser wurdt. Oan alle groeï sit in ein, mar dêr wolle se net oan, se tinke dat se altyd mar grutter groeie kinne. No't wy der hast yn smoare, sil it roer al om moatte." *Priis: 12,50.*

De Romeinen - De opstân fan de Friezen, Kristof Berte. De opstân fan de Friezen is in prachtich tekening, spannende, grappige én learsumestrip. Basearre op histoaryske feiten: de Fryske opstân fûn plak yn 28 nei Kristus. Oanlieding wie dat de Romeinen fûnen dat de oksehûden dy't de Friezen as belesting betelje moatsten net grut

genôch wiene. *Priis: 15,00.*

De seis fan Gatske, Peter Popma. Yn dizze poëtyske novelle beskriuwt Peter Popma hoeden - en tagelyk tûk en wis - in Fryske rike roomse plattelânskultuer - fan foarby. Krektlyn, mar likegoed tiidleas yn universele sin. *Priis: 20,00.*

Leafde yn oarlochstiid, Willem Verf. Oan de basis fan dizze novelle lizze de oantinkens fan de mem en heit fan de skriuwer. Syn âlden krigen ferkearing yn Dútslân, yn 'e oarloch, wylst it Ruhrgebiet heftich bombardearre waard. By biten en brokken fertelden hja har soan letter út en troch oer wat sy yn dy tiid meimakken. *Priis: 17,50.* □



Witte Jo dat ...

- Yn it Dútske Sealterlân op alle basisskoallen Sealterfrysk jûn wurdt? Sealterlân leit yn East-Fryslân. De taal liket wol wat op ús Frysk. De Astrid Lindgrenskoalle yn Seedelsbierich (Sedelsberg) wie de lêste fan de fjouwer skoallen dy't koartlyn mei in Sealterfryske groep úteinsette.
- Anne-Goaitske Breteler it Frysk Kadoboek 2025 skriuwe sil? Anne-Goaitske Breteler: “Ik fyn it fantastysk en in hiele eare dat ik it Kadoboek 2025 skriuwe mei. It wurdt in non-fiksje boek oer de broers en susters Zwart, dy't harren hiele libben op in pleats yn Moddergat wenne ha.” De Fryske Boekewike is fan 8 o/m 16 novimber 2025.
- Yn febrewaris de Italiaan Francesco Rivella stoarn is? Hy wie 97 jier en de útfiner fan de nutella. Men soe tinke kinne dat de bekinde frisdrank nei him neamd is, mar dat kloppet net. De Rivelle-drink wurdt makke fan wei en komt út Switserlân, de namme is in kombinaasje fan Riva San Vitale (in plak yn Súd-Switserlân) en it Italiaanske wurd Rivelazione (iepenbiering).
- Yn maaie wer in ynterfrysk treffen is op Hilgelân (Helgoland)? De Fryske Rie nûget nigethawwers út foar it Friesendroapen 2025 op Hilgelân, dat fan 23 oant en mei 25 maaie holden wurdt. Der komme ek Friezen út East- en Noard-Fryslân. It eilân leit midden yn see.
- Wy efter op dizze Twirre wer in foto út Fryslân ha? Witte jo wêr't it is? De foarige kear de saneamde “Adelskerk” yn Ald-Beets, dy't ôfbrutsen waard yn 1984.

Mopkes

Knyn dea. De hûn komt oanrinnen mei in knyn yn 'e bek. It knyn fan de buorlju, dea mar smoarrich. It bistke wurdt skjinboarstelde, en by jûn werom yn't hok by de buorlju lein. De oare moarns in lûde gjalp, gau der hinne: wat is er? “No ús knyn wie dea, wy ha him juster begroeven en no leit er wer yn syn hok!”

Op hannen en knibbels. In man komt de kroech yn. Bestelt in dikke buorrel en dan komt it der út: “Ik ha rûzje hân mei it wiif.” - O, en hoe is't ôfrûn? “Op it lêst kaam se op hannen en knibbels nei my ta krûpen.” - En wat sei se? “Do skytlak, komst ek noch ûnder it bêd wei?”



Fryske boek- en kadowinkel

Boterhoek 3, Ljouwert
(058) 234 30 70
ynfo@afuk.frl
websjop.afuk.frl



@stichtingafuk f /stichtingafuk

Websjop 24/7 iepen!

afûk

Wolkom

Yn de Afûk Fryske boek- en kadowinkel fynt de moaiste boeken yn en oer it Frysk en Fryslân, mar ek in grut ferskaat oan oare produkten, lykas Fryske kreamkadootsjes, cd's en dvd's, sûveniers, aansichtkaarten en kado-artikels.



Echte Bakker Wouda Hengelo

- Lekkere krentenwegge
- Fryske sûkerbôle
- Oranjekoeken



**Wouda
De Echte Bakker**

Hengelo

Winkelcentrum Hengelose Esch, tel (074) 291 30 58

Winkelcentrum Hasselo, tel (074) 277 36 09

Winkelcentrum Slangenbeek, tel (074) 250 46 63



foto willem wilstra.nl